



FAN IT BESTJOER

It bestjoer hat op 20 april en 3 maaie 2010 byinoar west by Frâns Bakker en Yede van der Veen oan hûs om de nije wurklist wer gear te stallen. Dizze krije Jo hjirby en wy hoopje dat der foar elk wer wat by is. Der binne in oantal saken besprutsen en de jûnen binne nochris trochnommen.

In pear saken:

-Der is besletten Jappie Ploegsma te freegjen (en dy hat it al tasein) om alle kearen de jiersifers te kontrolearjen mei help fan ien dy't op de earste jûn fan it nije winterskoft frege wurde sil.

-Jan Sjoerdsma soe graach de beskikking krije oer de email-adressen (foar safier fansels oanwêzich) fan de leden sadat de wurklist tenei (foar in grut part) digitaal oerstjoerd wurde kin. Dus graach in berjochtsje. It emailadres is stiftinggrou@live.nl Fansels krije de minsken dy't gjin emailadres hawwe de wurklist thús besoarge.

De gearstalling fan it bestjoer is net feroare. Dat wol sizze: Yede vd. Veen is foarsitter, Gé van der Goot-Bangma skriuwer, Jan Sjoerdsma ponghâlder en Anna Hemstra-de Jong, Bauke Lageveen en Frans Bakker meitsje it bestjoer folslein.

WURKLIST FOAR IT WINTERSKOFT 2010 – 2011

It plak: De grutte seal fan Hotel Oostergoo, alle jûnen begjinne om healwei achten.

Ynformaasje : Pr. Beatrixwei 8, 9001 JM Grou, tillefoan 0566-621992

Tongersdei 4 novimber 2010:

Jetze vd. Goot sil jûn syn ferhaal oer “Wettersport yn en om Grou” ôfmeitsje. Want, sa't Kobus de Vries op 'e ein fan de jûn doe sei, “We misse noch it lêste stikje, dat fan ús eigen tiid”. Dat hoopje we op dizze jûn, mei Jo, te hearren.

Tongersdei 16 desimber 2010:

Ferline jier hat **Sybren van der Vlugt** mei help fan Bauke Lageveen te winkeljen west yn't âlde Grou. Se hawwe it doe net hân oer de timmerlju, de fervers, de smidden, de sniders, de kappers en neam mar op. Nei dy minsken binne se dizze jûn op wei om dêr bygelyks in rekkentsje te beteljen. Yn de buorren komme se ek lju tsjin dêr't wol wat oer te fertellen is. In bûnt ferskaat dus sa'n jûn.

Tongersdei 20 jannewaris 2011:

Noch in man 'op werhelling': **Sietse Heidsma** hat ús twa jier lyn yn de kunde komme litten mei de begjinjierren fan 'it bûterfabryk'. Hy wol ús jûn graach meinimme nei it fabryk yn de earste helte fan de foarige ieu.

Tongersdei 10 maart 2011:

Op 'e nij komt Ulke Brolsma mei ferhalen út syn boek 'Werom nei Grou' by de Stifting. Mar dizze kear net allinnich. Syn omkesizzer Anke Bijlsma sil him ynterviewe oer syn jeugd, de famylje, it skriuwen. Alles (mar net hielendal) komt op tafel. En hy lêst ferhalen foar út 'Werom nei Grou', mar ek út syn nijste boek: 'Werom nei Fryslân'.

Anke Bijlsma is al op 5 maart yn Oostergoo mei de kroechteaterproduksje Kredo, de opfolger fan Katarsis. Beiden skreaun troch Gerrit Breteler. Mei 170 foarstellingen en rom 15.000 taskôgers wie Katarsis in rekord yn Fryslân. Ek Kredo is hast alle kearen útferkocht.

FERSLACH OER IT WINTERSKOFT 2009 – 2010

Op 4 septimber is ferstoarn te Ljouwert **Tietsje van Duuren-Sjoerdsma** yn âldens fan 72 jier en noch foar de earste Stiftings-jûn komt der op 27 oktober in ein oan it libben fan **Jan van der Heide**.

5 novimber: Mei plaatsjes en praatsjes te winkeljen yn it âlde Grou.

Yede iepenet de earste jûn fan ús winterskoft 2009-2010. It hat wat in nostalgysk tintsje, want 44 jier lyn wiene der sa'n 50 minsken yn Oostergoo op de boppeseal by de Stifting. Ek fertelt er dat der nije apparatuer oanskaft is. **Sybren van der Vlugt** krijt dan it wurd en nimt elkenien mei nei eartiids. De bakkers, slachters en grientemannen. Doe't er in sydpaadsje yngong fertelde Sybren dat er sneupt hie yn it argyf fan it museum en dêr fûn er boekjes, skreaun troch de susters fan Sjoerd Budstra. Froukje skreaun ferhaaltsjes op oer sliepers yn 1944-1945. Budstra wie bakkersfeint by Stellingwerf (dêr't letter Pylman siet). Alle bakkers fleane oer it skerm: Buma, Hans de Jong, Homme de Boer, Jan de Wit, Boerstra en Andringa. Winters hie Andringa hynders fan Snoek. It hynder stie dan yn in gonkje. As der iis lei, gong Andringa ek nei syn klanten ta, ek as de slúskes ticht wiene. Dat wiene reizen sa't dat yn dizze tiid net mear foar te stellen is. Der komme mear bakkers oan bar. Halma, Moedt, Epke Kerkhof, Bouma, Sjoerd Haites (letter Velink), Rinze Moedt yn de Lytse Buorren en Excelsior.

Slachters wiene der ek by de rûs. Jellema, Sint de Jong, Buwalda, Koldyk, Uilkema (needslachter), Bangma, Sake Bokma (letter De Vries).

Oan grient ek gjin brek. Tjitte van der Meulen (letter Rienk), Harmen de Jong yn de Lytse Buorren, Durk Bouma (letter Harry Boersma), Johannes Leistra (Jehannes-bakje), Jan Lendekamp (letter Engele Engelsma), Durk Ganzinga en yn de Spande Kont Tinus Wester (Tinus-Tryn).

Dan komme in hieleboel winkellju op it aljemint. Reinder de Vries, Rinke Bosma (Spar), Gerrit Adema (Spar), Hette Boonstra (Sperwer), Sijke Keidel (Spar), Tsjipke Huisman, Hinne-Geartsje, Siegers-Atsje, Schiere, Klaas Westra (Centra), Vergonet (Spar), Rintsje Bergsma (Wandelweg), Van der Vlugt, Jan en Tsjits, Anton Hoeneveld (Lytse Buorren) en Aalzen van der Iest (Spande Kont).

Molkesutelers wiene Pyt Eizenga, Blauw, De Vries, Van der Heide en Schiere.

Fiskwinkels fan Lievestroo yn de Wide Steech en Visser yn de Boochstrjitte.

Rookt waard der ek noch tige. Winkels by de fleet. A.C.Hoekema, T.Haites, Albert Wester, Y.van Zandbergen, Atze van Stralen, Hooghiemster, Jan Sjoerdsma (letter A.Kuipers en Betten).

As tajefte waard der noch in filmke fertoand fan Grou yn 1948.

In tige nijsgjirrige jûn. We binne it ek net oars wend fan Sybren. Yede betanket Sybren foar syn ynset en hopet dat it net de lêste kear is.

10 desimber: Sitebuorren myn paradys.

Op dizze tongersdeitejûn docht **Auck Peanstra** foar in goed besette seal har ferhaal oer har berne-jierren. Dy tiid hat sy trochbrocht op de âlderlike pleats op Sitebuorren. Oan 'e hân fan har boek "Sitebuorren myn eigen paradys", lêst Auck stikken foar en út dit boek wurdt it bestean op dy pleats troch har beskreaun. It docht bliken dat yn de fyftiger jierren it wenjen en wurkjen op dit stee de noadige swierrichheden joech. De pleats wie earst allinnich oer it wetter te berikken, mar dat troch de fertelster tagelyk as in paradyske sjoen waard. De skoaljierren yn Grou, sa die wol bliken, wiene foar har net like maklik. Tusken de middei ite by pake en beppe, dat wie sy wol wend, mar sliepe, dat wie in oar ferhaal. As der iis lei, dan moast se yn de buorren bliuwe. Se koe min fan hûs en jûns as it skimerich waard, wie se al ûnwennich. It wie sa stil by harren. Gjinn heit dy't yn 'e hûs kaam mei syn ferhalen, gjin mem en grutte broers om 'e tafel.

De briefwikseling dy't har mem letter hie mei in hollânske help, wurdt troch Auck tige moai beljochte. Dizze brieven fan har mem binne boppe wetter kommen en foar har in oanlieding om de oantinkens oan it plak fan har jeugd op te skriuwen. Dizze brieven jouwe in byld fan it erflik wrotten en wramen fan de boer en de noed om fee en bedriuw. Fan dy noeden hat lytse Auck net witten, foar har wie it libben ien grut feest. It wie wer in jûn mei tiidsbyld en tige moai foar't fuotljocht brocht

21 jannewaris 2010: “Paad troch Grou” mei **Hepke Hiemstra** en “Troch de Poarte de Tsjerkestrjitte op en del” mei **Jelte de Vries**.

Wer in seal fol minsken. Yede iepenet de 3^{de} jûn fan ús winterskoft en al is it wat oan de lette kant, hy winsket elkenien in lokkich en sûn nijjier ta. As foarskrift moat er wer fertelle wêr't de need-útgongen binne en freget wa't foto's hat foar Reinder Bouma. Dan krijt Hepke it wurd oer Grouster monuminten. Berne yn Wommels, mar libbet him hielendal yn yn de Grouster histoarje. Hy sit yn in Grouster wurkgroepke.

Hepke sil oer 5 buorden wat eftergrûn fertelle. Mei bylden fan Reinder wurdt earst it badhûs beljochte. Dat stie der al yn 1933 en yn Wommels wie der doe noch neat. In sproeibad foar 25 sinten, in bad foar 50 sinten en in abonnemint wie fansels gâns goedkeaper. Ek de spreuken dy't yn't badhûs hongen wiene de muoite wurdich.

We krigen advertinsjes te sjen fan 1878, 1880 en 1890. Yn 1886 waard it stasjon iepene en ek in advertinsje dêr't in plysje frege waard foar 3 ryksdaalders yn 'e wike.

Hoefolle Grousters wiene der yn 1749? Wol 1142 ynwenners. Der wiene 30 skippers, 7 boatsjebouwers, 18 timmerlju by de boaten, 12 keaplju, 11 skuonmakkers, 4 wevers, 7 timmermannen, 3 kûpers, 1 bakker en 68 boeren. Rike minsken wennen om It Grien hinne.

De gevelstien fan Sytse Gravius, dy't no ynmetsle sit yn it pand Raadhuistraat 10, fertelt Hepke wiidweidich oer. Tige nijsgjirrich. Der wurde bylden fertoand oer de Waach en de kroegen dêr omhinne, oer de bistemerken 2x yn it jier, de boat Greta, bûterhanneler Tsjalling Halbertsma.

Yn 1880 komt der in nije Waach mei ek plak foar de brânwar. Carel van Roorda, Geale Douwes (wie earste skoalmaster en wie koster), Peter van Asperen en grêfstiennen waarden noch beljochte.

Nei it skoft giet Jelte mei ús nei de Tsjerkestrjitte nei 1945. Jelte hat by de PTT wurke en hat mei holpen dat Grou yn 1960 telefoanysk automatisearre waard. Mei wer bylden fan Reinder geane we troch de poarte. We komme lâns Jochum Hellinga (dahliabol), Gerrit en Meinstsje Okkema (winkel), de trije moaie beammen by de tsjerke, de wrâld fan de protters, mar Kobus Tsjerdsma wist der wol rie mei, de pastorijske fan dûmny IJsbrandy, it húske fan koster Libbe Hiemstra en de wetterpomp oan de tsjerke.

Fierder de strjitte yn komme we by bakker Andringa, Ale-Joukje (yn 1969 opholden mei molkriden), de timmerwinkel fan Jan-Jentsjes, Abe van der Zee, fam. Gerrit Hondema. Foto's fan reiskes (Kerkstraat Vooruit) en dûmnys-tún, de Epema's (skildersbedriuw), de Keidels, Evert Dantuma, Sies en Jits Jonker (ponghâlder It Gild), David en Teuntsje de Wit, Gerlof van der Schaaf, Hendrik en Pytsje (van der Meulen), Sjoerd fan Arjen en Eva, Bouke-Roel Stellingwerf, Klaas en Sjouk Dykstra (Skommele brike) en it iishokje fan Gerrit Boonstra.

Fierder geane we nei de steech fan slachter Sikke en Anny Bangma, Wypke en Jantsje van der Schaaf. Wer út de steech wei komme we by Piter en Tyske van der Bij, Jan en Tryn Roelinga, Bartele Bouma (boek en tekenspullen + timmerwinkel), Molenaar (seilmakker), Frits en Geeske Betlehem (fan alles en wat winkel), Romke-Akke de Jong, Tseard en Lys Bruinsma, Piter Blikje, Reinder-Aaltsje de Vries (ferwer), Roel en Sjoerdsje de Jong.

Dan noch de steech yn by Sytse-Gjet van der Heide (molkboer), Kobus Tjeerdsma, Joh. Talsma, Wiebe en Hiltsje de Vries, de famyljes De Winkel en Alkema.

Der wennen in almachtich soad lju efter de tsjerke. It wie in buertsje apart, mar wol meiinoar. Hjoed-de-dei binne de bewenners wol op 2 hannen te tellen.

Fan beide mannen wer hiel wat opstutsen. Yede betanket Hepke en Jelte en de harkers dogge dat nochris mei de hannen opelkoar.

4 Maart: Lêste jûn mei Ulke Brolsma.

Foarsitter Yede van der Veen iepenet de de jûn en hjit yn't foarste plak Ulke, syn frou en dochter wolkom. Ek fansels de stipers yn de seal en in spesjale gast dy't letter by namme neamd wurde sil. Ulke fertelt oer syn bernejierren hjir yn Grou. Earst hat er stikjes yn de Mid-Frieslander skreaun en letter in boek. De earste Ulke fan syn famylje wenne by de menniste tsjerke. Ulke Stinne wie menniste preker by de Wetterlânske gemeente. Fierder giet er mei de stambeam en belânet nei hiel wat ferhalen by pake Reinder Brolsma. Gie nei de ambachtsskoalle mar hat dizze net ôfmakke. Janke Westerbaan waard syn frou op 5 maart 1910. Net in lokkich houlik. Doeke Sijens hat oer Reinder in biografy skreaun. Fan memmes kant kaam pake Slot nei foaren. Beppe hat er eins nea sjoen. Mem wie in hiele goede swimster. Liuwe Brolsma, Ulke syn heit hat 2 jier nei de ULO west en kaam doe yn de drukkerij. Yn 1936 trouden Liuwe en Anne en kamen yn 1940 oan de Stasjonsdyk te wenjen. Heit kaam by de drukkerij en waard doe kompagnon by Gerritsen. Ulke lêst ferskate ferhalen út syn boek foar. It binne smoute ferhalen, mar ek tryste, sa as oer it ferstoarne broerke dy't er nea sjoen hat en wêr't nea oer praat waard. Syn maat, buorman Aise Bouma, hat in spesiaal plak yn syn hert. Oan dizze man hat er in protte te tankjen. Yn 1950 waard heit eigen baas. Hie gjin diploma's mar by master Wieling hat er lessen hân. Ulke hat altiten in lêzer west. Prachtige ferhalen oer syn jongenstiid, oer boeken bestelle dêr't syn heit neat fan wist. Ulke wist hoe't syn heit it spul bestelde. Nei it skoft hie Ulke it oer de drukkerij. De Frisia, de âlde drukpers, boade Hellinga dy't alles regele by de dea, roubrieven, advertinsjes ensfh. Ulke sels seit dat er gjin grut ljocht wie. Hy hat nei de kweekskoalle west en hat it diploma ek, mar dat wie it dan ek. It Sint Piter mearke, sels juffer Akke en de bewaarskoalle hâlde Ulke noch dwaande.

Doe't Ulke fertelde oer de dea fan syn pake Reinder, wie it mûsstil yn de seal. In hiele tryste skiednis. De spesjale gast yn de seal wie dûmny Keuning mei syn frou. Utnoege troch Ulke sels om't it lêste ferhaal oer de moaie tiid nei en yn Vledder in hiele bysûndere neitins hat. Ds. Keuning krige it lêste wurd en hielendal út de holle kaam de "morgenwijding" fan eartiids dy't by boer Bethlehem alle dagen útsprutsen waard op it hiem fan de pleats. De bylden wiene fan Ulke sels en as lêste byld fytst er út Grou. Oan de Nesserdyk is it hûs fan mem opromme. It is oer. Ik haw gjin âldershûs mear yn Grou. In hiele moaie ôfsluting fan de lêste jûn fan de Stifting.

En as dan sa'n winterskoft wer op syn ein is en wy wurkje oan de nije wurklist is it nijs meast net it moaiste. Sa ek de lêste berjochten: Wy moasten ôfskie nimme fan ús âld-stipers **Minke Palstra** (op 7 april) en **Jan Beeksma** (21 april) en ús stipers **Rigtje Seinstra-Veenstra** op 19 july en op 14 septimber **Lammie Bijlsma-Meinsma**.

IT ARGYF

Wy trune ús stipers oan om foto's , aansichten, printen, wurklisten, brieven, notuleboeken en fersen, lieten, boeken dy't te meitsjen hawwe mei of makke binne troch Grousters oan ús argyf ôf te stean of yn brûklien te jaan: serieuze brûkers sille jimme tankber wêze.

As Jo Stifting Grou jildlik stypje wolle binne dêrta (belestingfreonlike) mooglikheden. Bygelyks it notariskantoar yn Grou kin Jo hjiroer neiere ynformaasje jaan.
